

Nieuwe Oogst 22 oktober 2016

Net omploegjen fan grûn ferbettert organyske stofgehalte, ûnderfynt Franke Dijkstra yn Brazilië

Direkt ynsiedzjen drukt grûneroazje de kop yn.

Desennia lang wurde boeren teistere troch grûneroazje. Het ploegjen fan de grûn makket dat dit proses flugger giet, omdat de grûnkwiteit hjirtroch hieltyd mear ôfnimt. Agrariërs yn Nederlân krije dêrtroch faker te meitsjen mei produksjeferliezen. Direkt ynsiedzjen kin eroazje tsjin gean.

Foaral in goeie lange termyn planning, lykas mei gewaaksrotaasje en in protte geduld, binne needsaaklik wolle jo de grûn ferbetterje, stelt de fan oarsprong Nederlânske boer Franke Dijkstra (75). Hy hat jierrenlang ûnderfining mei direkt ynsiedzjen, jout no lêzingen yn lannen wêr't grûneroazje in probleem foarmet en advisearret boeren dy't direkt ynsiedzjen tapasse wolle, wêrûnder boeren yn Nederlân.

Dat grûneroazje al jierren lang in rol spilet yn produksjeferliezen, wit Dijkstra as gjin oar. Hy emigrearre yn 1947 út it Fryske Toppenhuzen wei nei Carambei, in gemeente yn Brazilië wêr't de grûn goedkeap wie en wêr't genôch kânsen leinen om boer te wurden.

Yn 1964 waard Dijkstra selsstannich greidboer mei 89 hektare grûn, mar troch de finansjele druk destiids skeakele hy yn 1968 oer op lânbou. Dizze omskeakeling brocht in risiko mei him mei: boeren yn Brazilië hienen destiids al te meitsjen mei grûneroazje en troch it ploegjen fan de grûn gie dit proses flugger.

Troch tefolle grûnbewurking, lykas ploegjen, brekt de grûnstruktuer ôf. Dit seagen wy benammen oan it organyske stofgehalte dat yn dy tiid fan 3.1 persinte fluch ôfnaam nei 2.2. persint', wit Dijkstra noch. It organyske stofgehalte is foar in grut part bepalend foar hoe't de grûn funksjonearret en troch it ôfnimmen hjirfan kamen produksjeferliezen foar.

Mar net allinne Brazilië wit de gefolgen fan grûneroazje, ek oare lannen ha de ôfrûne jierren te krijen hân mei de gefolgen hjir fan. Sa ek Nederlân wêr't boeren hieltyd faker te meitsjen ha mei ynklinken fan de grûn en ôfbraak fan it organyske stofgehalte.

KLAAI OP FEANGRUN

Adviseur Hein-Willem Leeraar fan it advysburo mei deselde namme yn Raerd hat dy ûnderfining ek. 'Grûneroazje kin him foardwaan op ferskillende soarten grûn, lykas klaai op feangrûn', fertelt Leeraar.

Klaai op fean bestiet faak út 30 persint klaai mei dêrûnder fean. By it ploegjen keare jo de klaai om, wêrtroch it fean wer yn kontakt komt mei klaai en soerstof. Sa'n 70 persint fan it organyske stofgehalte wurdt dan as it ware ferbaarnd, wêrtroch de grûn poreus wurdt en úteinlik ynklinkt. Jo kinne dan as boer wol it wetterskip freegje it peil te ferleegjen, mar dêrtroch losse jo it probleem net op.'

Dijkstra foeget der oan ta: 'As jo meardere kearen yn it jier ploegje, giet it proses fan ynklinken flugger en krije jo flugger te meitsjen mei produksjeferliezen.'

It safolle mooglik stagnearjen fan dit fenomeen is dan ek fan grut belang. Neffens Dijkstra is no-tillage, oftewol direkt ynsiedzjen, in belangryk aspekt hjir yn. 'By direkt ynsiedzjen wurdt de grûn net omploege en bliuwt it deade plantemateriaal yn de grûn. Nei bedongjen kin it perseel ynsiedde wurde'.

Foar direkt ynsiedzjen besteane ferskillende masines wêrmei it sied as it ware yn de grûn freesd wurdt. Om ûnkrûd tsjin te gean makket Dijkstra gebrûk fan selektyf blêd bespuitsjen, sawol foar as nei it ynsiedzjen. 'It selektyf blêd bespuitsjen is mear rjochte op it type ûnkrûd', seit er.

'Rotaasje yn bestridingsmiddels is dêrneist krekt sa wichtich as gewaaksrotaasje,' ferfolget Dijkstra. 'Hjirtroch brûke jo hieltyd oare ûnkrûdbestriders wat úteinlik in better effekt hat. De ûnkrûddruk nimt ôf. Trochdat jo net mear ploegje, helje jo ek gjin ûnkrûd nei boppen ta dy't djipper yn'e grûn sitte.'

De grûn beäntwurde dizze behanneling mei in better grûnlibben en hegere opbringsten. 'It organyske stofgehalte gie nei mar leafst 6.4 persint', fertelt Dijkstra, dy't noch 2.000 hektare lânbou en in foarse greidbuorkerij hat. 'It koste my sân jier om it grûnlibben optimaal te krijen, mar úteinlik fertsjinnet him dit werom yn hegere opbringsten.'

Direkt ynsiedzjen resultearret yn hegere opbringsten

Lange termyn planning en in protte geduld binne essinsjeel by direkt ynsiedzjen

Selektyf blêd bespuitsjen is nedich foar it bestriden fan ûnkrûd

Goed lânbousysteem bliuwt needsaaklik by net kearende grûnbewurking

'As biologysk bedriuw moatte wy sunich wêze mei mineralen'.

Jan Willem Bakker hat in biologysk lânboubedriuw yn it Fryske Muntsjesyl oan de râne fan it Lauwersmar gebiet. Hy beskikt oer rom 80 hektare bougrûn, wêr't er blomkoal, poatierappels, woartels, klaver, beantsjes en pompoen ferbout. De grûn oan de râne fan it Lauwersmar gebiet is swiere klaaigrûn. Sûnt 2010 is de bouboer stoppe mei it ploegjen en ek mei it ompsitten fan de lânbougrûn. 'Wy woenen it organyske stofgehalte boppe yn de grûn hâlde en troch it ploegjen en it ompsitten fan de grûn slagge dit net', sei Bakker. 'As biologysk bedriuw moatte wy sunich wêze mei de mineralen yn ús grûn, omdat wy gjin keunstmest brûke meie. Dêrom is in heech organyske stofgehalte foar ús ek sa belangryk, wolle wy goeie produksjeresultaten realisearje. Mar as jo ien kear ophâlde mei ploegjen, komt der folle mear by sjen', wit de ûndernimmer wyls nei jierren ûnderfining. 'Jo moatte in goed lânbousysteem ha. Sa moat de ûntwettering fan jo perseel goed wêze, sadat it fuort spielen fan de mineralen en ek de boppeste laach fan de grûn beheind wurdt. De ûntwettering fan jo perseel is fan grut belang', ferfolget Bakker. 'Wy keazen der dêrneist foar om mei rûge mest te wurkjen. Dêrmei kinne wy de grûn foldwaande fieding jaan. Dêrneist hantearje wy fêste rydpaden fan 3.20 meter breed, sadat wy de grûn en it gewaaks sa min mooglik belêste. Wy hâlde it gewaaks en de grûn op dizze manier heel.'